mei de hannen leare

op ’e legere skoalle koe ik it net rêde
de earste klasse die ik twa kear
de twadde twa kear en de twadde kear de tredde
ha ik net ôfmakke

dêrnei gie ik nei de blo yn it hearrenfean
it learen gie de hele tiid better
hie de lomskoalle der west
dan wie it makliker gien

de boere-arbeiderswenningen yn rutten
gienen nei de zeeuwen fanwege de watersnoodramp
mei ús húshâlding belânen wy yn in barak
fan kamp lemmer

jûns spielde ik de molkbussen út
de wurkdagen waarden hieltyd langer

ast te lang foar de boer wurkest wurdst meubilêr

ien woansdei moast de boer de bussen sels útspiele
omdat wy al fuort wienen
doe koenen we fuortbliuwe

in man fan it wetterskip dy’t de sletten op peil hold
kaam it lân op en sei ik wit better wurk foar dy
ik hie myn nocht der ek wol ôf altyd
achter dat âld hynder oan te sjouwen
hieltyd foar boeren te arbeidzjen

21 jier by deselde maat en deselde baas as timmerman
21 jier by de gemeente
21 jier by myn earste frou
21 jier by myn twadde

alle dagen wurke
noait yn de ww sitten

altyd skamme foar de blo
mar dat hoecht net mear

(Gedicht over meneer Hosper, geschreven door Tsead Bruinja)